

Tekst: : Gilles van Wynsberge (Artevelde Hogeschool, Gent)  
Oersetter: Pytsje de Graaf (Wethâlder Gemeente Dongeradiel)  
Einredakteur: Janny Bottema

## Sân roaskes brokkoly

Op in deagewoane, suterige sneintemiddei kaam Merlijn thús fan it fuotbaljen. Hy hie hûnger as in wolf. Hy smiet syn fuotbaltas yn 'e hoeke fan it waskhok en rûn fuortendaliks troch nei de keuken. "Wat ite wy?" frege Merlijn nijsgjirrich. "Brokkoly," antwurde Katryn, de mem fan Merlijn, dy't al oan tafel siet mei Stijn, de broer fan Merlijn.

"Bah, alwer? Dat is al de tredde kear dizze moanne!," fûtere Merlijn en mei in min sin skode er oan by de grutte tafel. Mem Katryn skepte in woarstje, in pear jirpels en fiif griene roaskes brokkoly op 'e panne. "Lekker ite," sei se wylst se de panne oan Merlijn joech.

Merlijn iet syn ierpels en woarst gau op mar alle roaskes brokkoly bleaunen lizzen. "Mei ik noch wat jirpels? Ik mei gjin brokkoly," sei Merlijn.

"Ast dyn brokkoly op hast, meist noch wat pakke. Brokkoly is goed foar de hersens, dy griente moatst dus ek opite."

Syn hûnger wie ynienen oer.

Tweintich minuten giene foarby en elkenien wie klear mei iten, behalve Merlijn.

Hy makke mei syn brokkoly griene foarmkes en figuerkes. Alles wie better as opite. "Miskien seit mem wol dat ik se net mear op hoech te iten," tocht er, mar krekt op datselde stuit begûn broer Stijn wat om te wrotten op syn stoel.

"Mei ik fierder boartsje mei de Lego op myn keamer?" frege Stijn.

Katryn seach oer de potten en pannen hinne nei Stijn syn panne en seach dat dy leech wie.

"Ja," sei se. "Do hast flink iten mar Merlijn moat noch sitten bliuwe oant er syn panne leech hat."

Stijn fleach fuort en krekt foar 't er de doar ticht die stuts er syn grutte tonge út nei Merlijn.

Doe't Merlijns mem dwaande wie om alle pannen en glêzen op te romjen, krige er ynienen in idee.

"Alle kearen as mem net sjocht, sil ik hieltyd in bytsje brokkoly werom lizze."

De earste kear naam er gau twa roaskes brokkoly en besocht dy yn de grutte ovenskaal te goaien. Om't er it te gau dwaan woe, foel der der ien roaske njonken.

Dêrom sette er de skaal wat tichterby. De twadde kear die er it rêstiger en koe er der noch twa roaskes yn smite. De tredde kear hie er gjin gelok. Krekt doe't er mei syn panne boppe de ovenskaal hong om it lêste roaske der yn te triuwen draaide mem har om.

“Hee,” wat dochsto dêr? Yt dyn panne leech!” rôp mem Katryn.

“Nee, ik mei gjin brokkoly!”

“Ik sis it noch ien kear, yt dyn panne leech!” rôp mem Iilk.

“Nee, nee, en nochris nee!” rôp Merlijn striidfeardich en hy goaide de foarke yn de panne.

“Okee, gean dan mar yn 'e hoeke stean!” sei mem wylst se nei de hoeke by de goatstien wiisde. Sa koe se him yn 'e gaten hâlde. “En mei de hannen op 'e holle!”

Dêr stie Merlijn, mei it gesicht nei de grûn. “Lokkich hoech ik de brokkoly no net op te iten,” mompele er tsjin himsels.

“Sjoch,” sei Katryn en se skepte sân roaskes brokkoly op en lei se yn syn panne.

“Dizzen meist anst opite en oars krigest gjin ierdbeien as toetje.”

Nei fiif minuten stúmjen gie Merlijn wer sitten en iet syn brokkoly op. Alle sân roaskes. Yntusken tocht er: “As ik dit no op yt, dan wurd ik sa slim dat ik de oare kear in bettere oplossing betinke kin...”

